

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Deputearre K. Fokkinga
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	Yn de Steategearkomste fan 27 novimber 2019 is de subsydzjeregeling IMF en moeting splakken fêststeld. Derby is in tasizzing dien dat der nei 1 jier in evaluaasje plak fine sil. Troch de oergong fan de doarpshuzenregeling nei it IMF is ek om monitoring fan de subsydzje-oanfragen foar de moeting splakken frege. Lykwols hawwe wy dizze evaluaasje noch net tastjoerd krigen.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Wannear kin PS de evaluaasje subsydzjeregeling IMF en moeting splakken ferwachtsje? 2. Op hokker wize wurdt/is der yn de evaluaasje werom sjoen nei de wize wêrop der kommunisearre is nei de doarpshuzen oer de nije doarpshuzenregeling yn it IMF? 3. Op hokker wize is Doarpswurk belutsen west by de foarming fan en de kommunikaasje nei de nije regeling? 4. Binne der by it kolleezje situaasjes bekend fan doarpshuzen dy ûnder dizze nije regeling yn ferhâlding minder of gjin subsydzje krigen ha as men dat fergeliket mei de âlde doarpshuzenregeling? Graach mei motivaasje. 5. Binne der by it kolleezje doarpshuzen bekend dy troch oanpassings yn de regelings of kombinaasjes fan regelings in de knipe kommen binne of komme mei de realisasje fan projekten die al foar 2020 yn gong setten binne? Graach mei motivaasje. 6. Is der mei partijen dy't al dwaande wienen mei nije oanfragen foar nijbou pro-aktyf kommunisearre (en op hokker wize) om de konsekwinsjes fan de nije regeling goed yn byld te krijen? 7. Is der ek oerwage om in oergongsregeling op te tugen? 8. Kin der in steat fan subsydzjeútkearings foar moeting splakken sa as doarpshuzen (fan 1-1-2020 oant no) meistjoerd wurde? 9. Kin yn de evaluaasje ek it ferskil oan jûn wurde tusken de wize wêrop nijbou fan doarpshuzen (diels) bekostige wurdt yn fergeliking mei de wize wêrop dat ûnder de âlde regeling plak fûn? (benammen saken as de hichte fan subsydzje, easken mei it each op ko-finansiering, duorsume easken) 10. Kaam earder en komt no stapeling fan subsydzjes foar? Werom net/wol? 11. Ferwachtet it kolleezje dat de beskikbere middels foldwaande binne oant 2023? Graach mei motivaasje. 12. Hat de wurkwize fan dizze nije regeling mei as útfieringspartner Streekwurk oant no ta oan de ferwachtings foldien? Graach mei motivaasje.

	13. As fêststeld wurdt dat der partijen binne, dy't troch de feroarings by einbeslút minder subsidyzje krigen ha – en dermei net wittend yn de knipe kommen binne - dan op grûn fan de âlde regeling yn de ferwachting lei, op hokker wize wol it kolleezje dizze partijen temjitte komme?
--	--

Yntsjinner(s)	ChristenUnie Lieuwe van der Pol
---------------	---------------------------------

Datum	10 febrewaris 2022
-------	--------------------